

In nij teater- en muzykselskip yn Fryslân!

Mei grutskens presintearret 'Hy en Sy' de nije Frysktalige muzykfoarstelling 'Alles op Oarder'. It programma is de fjoerdoop foar ús as nij teater- en muzykselskip yn Fryslân.

Untstean

As ôfskie fan Friesland Bank dy't oernaam is troch Rabobank, skreau âld-wurknimmer Hette van der Wal it muzikale programma 'De Toscaanse Kapel'. Mei kollega's, freonen en famylje hat er dit yn besletten kring sjen en hearre litten oan syn (âld)kollega's. It waard in grut sukses en dêrom hat in oantal fan dizze minsken besletten om de wrâld yn te gean mei in nij programma foar in grutter publyk.

Hy en Sy

Mei de komst fan it nije programma 'Alles op Oarder' waard de namme fan ús selskip berne: Hy en Sy. Yn dizze formaasje wurde Hette van der Wal (teksten, spyljen en sjongen) en Greetje Wiersma-de Groot (spyljen en sjongen) muzikaal begelaat troch Bert Ponjee (gitaar), Jelmer van der Wal (basgitaar), Piet Commandeur (akkordeon) en Klaas de Jong (slachwurk).

Alles op Oarder

'It is tiid om de souder ris goed op te rêden. Der leit fierste folle âlde rommel dêr boppe. Mar in souder opromje is noch sa maklik net. Dêr moat goed oer neitocht wurde, want mjitte is witte. Alles sil no op oarder en werom nei de basis. En tink der goed om, want foardatst it witst bringt dat âlde guod dy werom nei it ferline en dêr hat net ien wat oan!'

'Alles op Oarder' is in muzykfoarstelling oer de feroarings yn de hjoeddeiske maatskippij en wat dy feroaringen mei ús dogge. Mei nije teksten op bekende meldijen en ferhalen oer nostalgia en feroaring bringt 'Hy en Sy' it publyk yn ekstaze.

De regy fan de foarstelling is yn hannen fan Wouter van der Wal.